

**SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde**

Rjochte oan DS / lid DS	Frou Fokkens, deputearre
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De fraksje fan de FNP hat berjochten fan bewenners krigen dy't har soargen meitsje oer de ferkears situaasje rûnom de rotonde by Marsum en de fuortgong fan de oanpassingen dy't ferline jier tasein binne, wêrûnder de oanlis fan in fytstunnel.</p> <p>Op de provinsjale begrutting foar 2019<sup>1</sup> stiet dat de besteande rotonde Marsum West oanpast wurdt om de trochstreaming te ferbetterjen en dat der om reden fan de ferkearsfeilichheid nei ferwachting yn 2019 ek in fytstunnel realisearre wurdt.</p> <p>Yntusken binne der alle dagen fertragings en gefaarlike situaasjes mei stilsteand ferkear by de rotonde en de ôfrit. Yn antwurden nei oanlieding fan skriftlike fragen fan it CDA út 2017<sup>2</sup> skreau it kolleezje fan DS dat de maatfiering fan de besteande rotonde net mear foldocht en dat oanpassing ta in turbo-rotonde de beste oplossing is, basearre op feilichheidsoerwagings.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Hawwe DS ek sinjalen fan bewenners berikt dy't har soargen meitsje oer de feilichheid en trochstreaming by de rotonde en de ôfrit by Marsum?</li><li>2. Is DS bekend dat it ferkear op de rotonde en de ôfrit by Marsum hast alle dagen fêstrint en der dêrmei ek gefaarlike situaasjes op de Heak ûntstean?</li><li>3. Wat is no de stân fan saken oangeande de taseine ferbetteringen oan de rotonde Marsum-West? Binne der miskien finansjele of operasjonele swierrichheden dy't de realisaasje behinderje? As dat sa is, wat binne dy swierrichheden en wat docht DS deroan om dy op te lossen? As dat net sa is, wêrom binne de wurksumheden dan noch net yn gong set?</li><li>4. Op hokker termyn kinne de bewenners fan Marsum en Noardwest Fryslân dermei rekkenje dat de rotonde mei fytstunnel klear is?</li></ol>
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)  Ut namme fan de FNP Steatenfraksje,  Sijbe Knol wurdfierder Romte Wopke Veenstra wurdfierder Ferkear
Datum	29-09-2019

<sup>1</sup> Kadernota 2019: Voltooiën, verbinden en vooruit kijken, blêdside 24, 17 april 2018

<sup>2</sup> Brief DS, beantwoording schriftelijke vragen over rotonde Marsum, 23 jannewaris 2018